

# **BELIEDSPLAN FRYSK TYTSJERKSTERADIEL 2017-2021**



## Us kadootsje fan twataligens

Foar jo leit it nije beliedsplan Frysk fan de gemeente Tytsjerksteradiel. Ien fan de gemeentes dêr't it meast troch de ynwenners oanjûn wurdt dat it Frysk harren earste taal is. Sadwaande sil it ek gjin nij dwaan dat we nei 10 jier wer ta binne oan in opskodzjen fan ús belied.

It Frysk fertsjinnet algeduerigen ús omtinken en hat ek wis en seker ûnderhâld nedich. Yn in flot feroarjende wrâld mei social media, yngewikkelde maatskippij en swiere tema's liket it belang fan ús memmetaal wolris ûnder te snijen. En mei it opkommen fan hieltyd mear Ingelske termen, kolleezjes en boeken op universiteiten en yn dyselde sosjale media, komt betiden sels ús lânstaal ûnder druk te stean.

Yn Fryslân ha wy de weelde fan in twatalige sitewaasje. In protte bern krije dat as kadootsje mei. It docht bliken dat it oanlearen fan Frysk, Nederlânsk en sels ek Ingelsk op in boartlike wize yn hieltyd mear twa- en trijetalige pjutteboartersplakken en skoallen fertuten docht. Troch meardere talen tagelyk oan te learen wurdt it nivo fan de talen apart heger, om't bern fuort in soarte fan ûnderskiedend fermogen mei krije.

De Fryske taal en kultuer meitsje part út fan wat en wa't wy binne. Dêrom moatte ek oerheden har altyd bewust wêze fan de rol dy't hja spylje kinne om dizze rykdom oerein te hâlden. Fansels: we witte mar al te goed dat we dat net allinnich kinne. Us ynwenners sille ek de mearwearde yn sjen moatte en mei har bêst dwaan. Uteinlik begjint in positive taalhôlding yn de húshôlding, by it grut bringen fan de bern. Mar oerheden kinne de mearwearde sjen litte en de ynstruminten oanrikke om stappen te setten.

Dat is de rol dy't Tytsjerksteradiel foar harsels sjocht: stimulearje en sels it goeie foarbyld jaan. Net ôftwinge en oplizze, mar besykje op in positive wize organisaasjes en yndividuen oanmoedigje dat se ek in bydrage leverje oan it goud fan ús twataligens. En fansels wolle we altyd iepen stean foar inisjativen út ús mienskip, ús 17 doarpen, dêr't de Fryske taal in rol by spilet. Dy boargerinisjativen kinne op ús stipe rekkenje.

Wy tinke dat we al aardich wat dogge mei ús steande belied, mar dat dêr noch wol wat by kin. Sadwaande yn dit beliedsplan in oantal nije ûnderdielen om de gong der wat mear yn te krijen. Allinnich kinne we gjin izer mei hannen brekke, mar troch gearwurking mei oaren tinke we it fjoer der mear yn krije te kinnen. Tegearre mei ús ynwenners, de provinsje en oare ynstânsjes steane we sterker. Us Fryske taal en kultuer binne ús golle en oanhâldende ynset mear as wurdich!

Houkje Rijpstra  
wethâlder Kultuer en Frysk

## Ynhâldsopjefte

<b>1. Algemien</b>	4
1.1 Lêswizer	4
1.2 Oanlieding nota Frysk taalbelied	4
1.3 It proses	4
<b>2. Ramt foar it taalbelied</b>	5
2.1. Ynternasjonaal	5
2.2. Nasjonaal	5
2.3. Provinsjaal	6
<b>3. Doelstelling en útgongspunten</b>	7
<b>4. Taalsitewaasje</b>	8
Yntroduksje	8
4.1. Taalsitewaasje yn ús gemeenten	8
4.2. Taalsitewaasje yn ús gemeentlike organisaasje	8/9
<b>5. Bestjoer</b>	10
5.1. Algemien	10
5.2. Yntern	10
5.3 Klantekontakten	10
5.4 Boargerlike Stân	11
5.5 Riedsgearkomsten	11
5.6. Kommunikaasje	11
5.7 Iepenbiere romte	12
5.8 Foarljochting	12
<b>6. Underwiis</b>	13
6.1. Algemien	13
6.2 Foarljochting	13
6.3. Foarskoals ûnderwiis en Tomke	13/14
6.4 Primêr underwiis	15
6.5. Fuortset underwiis	15
6.6. Folwoeksenen ûnderwiis	16
<b>7. Sûnenssoarch &amp; wolwêzen</b>	17
7.1. Algemien	17
7.2. Yntake en begelieding	17
7.3. Wolwêzen	17/18
<b>8. Media en kultuer</b>	19
8.1. Media	19
8.2. Kultuer	19
<b>9. Gearfetting fan de beliedsfoarnimmers</b>	20
<b>10. Finânsjes</b>	21

## **HAADSTIK 1. ALGEMIEN**

### **1.1 Lêswizer**

De 'Beliedsnota Frysk Tytsjerksteradiel 2017' bestiet út fjouwer ûnderdielen. Haadstik 2 jout it (wetlik) ramt foar it taalbelied. Haadstik 3 beskriuwt de taalsitewaasje yn ús gemeente. Yn de haadstikken 4 oant en mei 9 wurde de doelstellingen, útgongspunten en nije ympulzen foar de kommende jierren beskreaun. De nije ympulzen wurde nochris op in rychje setten yn it lêste haadstik. Yn haadstik 10 is omtinken jûn oan 'e finansjele ûnderbouwing fan dizze nota.

### **1.2 Oanlieding nota Frysk taalbelied**

Yn 1982 wie Tytsjerksteradiel de earste Nederlânske gemeente dy't belied ûntwikkele oangeande it taalgebrûk fan de gemeentlike oerheid. Dêrmei krige dat belied in wearde dy't fierder rikte as de gemeentegrinzen, ek mei it each op in Europeeske takomst mei in sterk tanimmend kultureel ferskaat. Yn 2002 is de notysje "Frysk Fitaal 2003-2008" troch de gemeenterie oannommen. En yn 2007 is as ferfolch dêrop de nota "Frysk Fitaal II" fêststeld troch de gemeenterie.

De nije Wet gebrûk Fryske taal ferget desintrale oerheden yn Fryslân no om in eigen taalbeliedsplan én in taalferoarding fêst te stellen. Dit wie einliks de oanlieding foar it opfriskjen fan ús belied en it formulearjen fan in nije oardering. Yn haadstik 2 wurdt it (wetlik) ramt fan it taalbelied beskreaun. Dêr docht út bliken dat op ferskate nivo's wurke wurdt oan it ferbetterjen fan de posysje fan de Fryske taal yn it deistich libben. Sawol ynternasjonaal as nasjonaal, provinsjaal en gemeentlik wurdt alle war dien om te soargjen foar in lykwaardige posysje fan it Frysk njonken it Nederlânsk yn de ferskate publike domeinen. Foar de kommende jierren is it wichtich dat alle middels byinoar komme en dat der mear gearwurke wurdt tusken de ferskillende bestjoersorganen op it mêd fan (Frysk) taalbelied. Foar ús gemeente moat dêrby ynearsten tocht wurde oan de gemeente Achtkarspelen en fansels de provinsje Fryslân.

Yn dit nije beliedsplan wurde konkrete beliedsútstellen dien. Dit om by te dragen oan 'e ûntwikkeling fan in aktyf Frysk taalbelied.

### **1.3 It proses**

Oan de hân fan de 'Taalbeliedsmakker' fan de Afûk hawwe der ferskate petearen west tusken ús gemeente, de gemeente Achtkarspelen, dy gemeente is ek dwaande mei it opstellen fan nij belied, en de Afûk. De struktuer fan de 'Taalbeliedsmakker' is ûntliend oan it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en bestiet út fiif domeinen, te witten: iepenbier bestjoer, ûnderwiis, sûnenssoarch en wolwêzen, kultuer en media. De domeinen wurde yn de haadstikken 5 oant en mei 8 fan dizze nota beskreaun.

## **HAADSTIK 2. RAMT FOAR IT TAALBELIED**

### **2.1 Ynternasjonaal**

Nederlân hat him as lidsteat fan de Ried fan Europa ferplichte om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen troch de ratifikaasje fan it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrnjonken hat Nederlân it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen ratifisearre. Krekt dat dokumint biedt in stevich fûnemint foar taalbelied foar û.o. Fryske gemeenten. It Hânfêst is in unyk ferdrach tusken de steaten dy't oerienkommen binne om te wurkjen oan in takomst dy't geunstich is foar talen. It jout sekuere hânfetten foar it beskermjen en befoarderjen fan minderheidstalen yn it deistich libben.

Fan de lidsteaten wurdt frege om noed te stean foar it ûnderwiis yn de regionale of minderheidstaal, foar foarsjenningen yn de media lykas krante, radio en telefyzje, mar ek foar foarsjenningen yn it iepenbier bestjoer.

It Hânfêst giet oer talen dy't harren ûnderskiede fan de taal (of: talen) dy't sprutsen wurde troch de mearderheid fan de befolking, likefolle as it mar om in lyts oantal sprekkers giet. De talen sels profitearje fan it Hânfêst troch de befoarderding fan it feitlik brûken derfan yn alle domeinen fan it iepenbiere en it priveelibben. De sprekkers fan de regionale en minderheidstalen jouwe de trochslach om dat doel te berikken. Krekt troch it deistich en aktyf brûken kin in taal libje en him fierder ûntjaan.

### **2.2 Nasjonaal**

Nederlân hat it Frysk yn 1970 offisjeel erkend yn it rapport fan de kommisje Friese Taalpolitiek. Fan dat stuit ôf hawwe der ferskate wetten en ôfspraken west dy't de posysje fan it Frysk boargje. Hjoed-de-dei binne benammen de Wet gebrûk Fryske taal en de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer fan belang.

#### **Wet gebrûk Fryske taal.**

Earder wie de posysje fan it Frysk yn de Algemiene wet bestjoersrjocht en de Wet Frysk yn it rjochtsferkear regele. De Wet gebrûk Fryske taal bondelet dy beide eardere wetten en fersterket de mooglikheden foar it brûken fan it Frysk yn it (formeel) rjochtsferkear en it (formeel) bestjoerlike ferkear. Utgangspunt dêrby is it waarboargjen fan de likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk. De taalwet ferankeret tagelyk de posysje fan it Orgaan foar de Fryske taal (Dingtiid), mei wetlike taken oangeande de beskerming en befoarderding fan it Frysk.

#### **Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.**

Yn 2013 is de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) troch ryk en provinsje ûndertekene. Yn de BFTK steane foar de kommende fiif jier ôfspraken dy't de Fryske taal en kultuer befoarderje op it mêd fan û.o. ûnderwiis, oerheden, media en kultuer, soarch en wolwêzen en ynternasjonale útwikselingen.

De BFTK is in útwurking fan ferdrachsferplichtingen foar de Fryske taal en kultuer oer: it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en minderheidstalen en it Ramtferdrach foar de

beskerming fan nasjonale minderheden. It wurdt om de safolle tiid opsteld en leit de mienskiplike ferantwurdlikens fan ryk en provinsje foar de Fryske taal en kultuer fêst.

### **2.3 Provinsjaal**

It provinsjaal bestjoer ûnderkent al sûnt it begjin fan de tweintichste iuw dat it in eigen rol en ferantwurdlikheid hat as it om it yn stân hâlden en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer giet.

De ryksoerheid folge yn 1970, nei oanlieding fan in advys fan de ynterdepartemintale kommisje “Friese Taalpolitiek”, ek wol de kommisje-Van Ommen neamd. Sûnt dy tiid wurdt it Frysk as twadde rykstaal beskôge. De provinsje sels stelde yn 1985 foar it earst de eigen beliedsfoarnimmens oangeande it Frysk fêst yn de nota “Fan Geunst nei Rjocht”. Yn de beliedsbrieff ‘Mei hert, holle en hannen 2017-2020’ hat de provinsje de folgjende fiif haadlinen fêststeld:

Partisipaasje fuortsterkje (foar elkenien, mei elkenien)  
Edukaasje ferbreedzje en ferdjipje (in libben lang leare)  
Ynnovaasjes stimulearje en fasilitearje (oars as oars)  
Leefberens befoarderje  
Sichtberens fan ús krewearjen fergrutsje

Dizze fjouwer jier steane yn it teken fan in provinsje dy’t yn ‘e mande mei ynwenners, ynstellings, de gemeenten en de ryksoerheid oan in libben en krêftich Fryslân wurket. In Fryslân mei kleur en smaak.

Dêroerhinne wurdt it Deltaplan Frysk yn it wurk set. It Deltaplan Frysk kent de neikommende ûnderdielen:

Útfiering taalwetjouwing: aktyf befoarderjen fan de ymplementaasje fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear en rjochtsferkear en it fersterkjen fan it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis.  
Basisfoarsjenning foar de trochgeande meartalige learrûte.  
Digitale helpmiddels Frysk: breed oanbod fan digitale tapassings op ICT-platfoarms en sosjale media.  
Lân fan taal: brede programmearring fan alle taal- en kultuerinisjativen yn Fryslân.

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

### **HAADSTIK 3: DOELSTELLING EN UTGONGSPUNTEN**

Yn dizze paragraaf formulearje wy (nochris) de algemiene doelstelling en útgongspunten foar it Frysk taalbelied. By de ferskate ûnderdielen beneame wy ek doelstellingen en útgongspunten.

#### **Doelstelling**

De algemiene doelstelling fan it Frysk taalbelied is:

It kreërjen fan rânebetingsten foar it behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal.

#### **Utgongspunten:**

De taal linich en posityf tapasse

Utgongspunt fan ús belied Frysk moat wêze: de taal linich en posityf tapasse, sa, dat minsken har bewust wurde fan 'Frysk dêr't it kin, Nederlânsk dêr't it moat'.

#### **Lykweardigens**

Us taalbelied is basearre op lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk. Fanút dat útgongspunt wei fine wy it wichtich dat boargers; amtners en bestjoerders sels kieze kinne oft se Frysk of Nederlânsk prate en skriuwe en fan wjerskanten respekt ha foar it gebrûk fan de taalkar fan inoar.

#### **Twataligens**

Wy kieze foar twataligens. Dat hâldt yn dat wy in kar meitsje foar de Nederlânske of de Fryske taal.

#### **Foarbyldfunksje**

Wy wolle de sichtberens fan it Frysk fergrutsje en ek it draachflak ferbreedzje. Yn har foarbyldfunksje sil ús gemeente wat it Frysk oanbelanget inisjearend en stimulearjend wêze dêr't dat kin.

#### **Besteand beleid;**

De ôfrûne jierren is ynset op û.o. de folgjende saken: mear Frysk op de webside fan 'e gemeente: it stimulearjen fan it Frysk yn 'e berneopfang en by de pjutteboartersplakken; nije kursussen Frysk foar amtners (tegearre mei Achtkarspelen) en foar redaksjes fan doarskranten en doarpswebsides en it (ynsidintee) stimulearjen fan de útjefte fan Frysktalige boeken en Frysktalige kulturele aktiviteiten. Struktureel wurde it Tomkeprojekt en de kursussen fan de Afûk yn ús gemeente stipe.



## HAADSTIK 4. TAALSITewaasje

### Yntroduksje haadstik 4

Hjoed-de-dei binne der oer de hiele wrâld mear meartalige minsken as minsken dy't ien taal prate. Troch ymmigraasje en globalisearing sil it oantal meartalige minsken allinne mar groeie. Hieltyd mear minsken sille yn meartalige sitewaasjes operearje kinne moatte. Meartaligens is de noarm, soene jo sizze kinne. Foar in goede meartalige ûntjouwing is krekt de ûntwikkeling yn de memmetaal fan krúsjaal belang. Hokker taal beskôgje de ynwenners fan ús gemeente as harren memmetaal en hawwe sy kâns om mei help fan bygelyks meartalich ûnderwiis foldwaande ûnderrjocht te krijen yn harren memmetaal?

### 4.1 Taalsitewaasje yn ús gemeente

De provinsje Fryslân hat yn 2007, 2011 en 2015 de Fryske taalatlas útbrocht. Dy útjefte jout in oersjoch fan de memmetaal fan de ynwenners fan Fryslân en fan it gebrûk en de behearsking fan de Fryske taal troch dyselde ynwenners. Yn it oersjoch hjirûnder wurdt in fergeliking toand fan de taalsitewaasje yn ús gemeente mei de rest fan Fryslân. Yn 2015 binne der 28.000 enkêtes ferstjoerd en mei-inoar hawwe 9.915 Friezen de enkête ynfolle, goed foar in respons fan 35%.

Taalsitewaasje Tytsjerksteradiel – Fryslân 2007-2011-2015 yn %				
	T-diel 2007	T-diel 2011	T-diel 2015	Fryslân
Frysk as memmetaal	70,1	67,6	70,7	55,3
Frysk ferstean	93,6	94,2	94,5	85,1
Frysk prate	79,2	78	82,1	66,6
Frysk lêze	61,2	61,2	65	51,8
Frysk skriuwe	17,8	22,8	21,6	14,5
Sprektaal Frysk tsjin partner	66,3	63,9	66,2	47,1
Sprektaal Frysk tsjin bern	68,2	64	68	47,5

### 4.2 Taalsitewaasje yn ús gemeentlike organisaasje

Yn febrewaris en maart fan 2017 is oan alle meiwurkers fan de beide gemeenten, Tytsjerksteradiel en Achtkarspelen, frege om in enkête yn te foljen oer harren gebrûk en behearsking fan it Frysk en de deistige taalûntjouwing. Hjirûnder in koart oersjoch fan de resultaten: Respons: 247 fan de 537 meiwurkers ha de enkête Frysk ynfold, in respons fan 47 %.

Alle respondenten ferstean it Frysk. 96 % fan de meiwurkers ferstiet it Frysk 'goed oant poerbêst'. 70% fan de meiwurkers praat it Frysk goed oant poerbêst, 13% praat gjin Frysk. 65% kin goed oant poerbêst Frysk lêze, 2% in bytsje. 22% fan de meiwurkers kin it Frysk 'goed oant poerbêst' skriuwe, 35% kin gjin Frysk skriuwe. 74 respondinten (30%) ha belangstelling foar in kursus Frysk. Sjoch ek ûndersteande grafiken. De enkête lit sjen dat der binnen ús organisaasjes reedlik draachflak is foar it frysk en it eventueel folgjen fan in kursus.



## **HAADSTIK 5. BESTJOER**

### **5.1 Algemien**

Us taalbelied wurdt ien kear yn de fjouwer jier hifke. Wy evaluatearje it foarlizzende belied en passe it, as it nedich is, oan. Wy sjogge ek nei nije wetlike bepalingen op it mêd fan taalbelied dy't in wiziging nedich meitsje.

De dokuminten mei ús taalbelied stean op de webside fan ús organisaasje. Eltsenien kin it downloade en/of ynsjen. Regelmjittich wurde de meiwurkers fan de gemeente middels 'Sharepoint' op de hichte brocht fan nije ûntjouwings en besteande ôfspraken.

Der is in amtner Frysk, mar syn/har taken binne beheind. Wy hawwe nammentlik ûnderdielen fan it taalbeliedsplan safolle mooglik ûnderbrocht by de ferskillende ôfdielingen.

Der is 0,1 fte beskikber foar de funksje fan amtner Frysk.

Troch de ynfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal is op 20 april 2017 in nije taalferoarding fêststeld. Doel fan dy oardering is it útfiering jaan oan twataligens.

### **5.2 Yntern**

Op dit stuit ha sawol de gemeente Achtkarspelen as Tytsjerksteradiel rigels foar it Frysk yn fakatueres en by sollisitaasjepeareen.

Foar de trije amtlike organisaasjes is foar Frysk yn fakatueres en by sollisitaasjepeareen it folgjende ôfpraat:

Fakatueres wurde yn it Nederlânsk yn 'e sosjale media oankundige. Yn 'e krante komt in fêst tekstblokje yn it Frysk, de oare tekst yn it Nederlânsk. Yn 'e fakatueretekst wurde frege om in positive hâlding oangeande it Frysk. De folsleine tekst is op de websides yn it Nederlânsk te finen om de fakatueres doch sa tagonklik mooglik te meitsjen.

By de sollisitaasjepeareen komt it Frysk ferstean altyd oan 'e oarder. By like geskikte kandidaten jout it Frysk de trochslach. De minimumeask foar it persoanlik is dat it Frysk ferstean en ôfhinklik fan de funksje lêze kin. Of dat hja ree binne om yn elts gefal it Frysk passyf yn 'e macht te krijen. Om dat te stypjen, biedt de gemeente jierliks kursussen oan.

De ôfdielings en tiims bepale ûnderling hoe't sy omgeane mei it mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk. Dat kin fan ûnderling (e-mail)praat oant it skriuwen fan riedsstikken. It is foar meiwurkers dúdlik wêr't sy te plak kinne foar it oersetten fan teksten fan it Nederlânsk nei it Frysk en welke helpmiddelen der binne om de Fryske taal te skriuwen.

### **5.3 Klantekontakten**

It is by ús belied dat meiwurkers harren oanslute by de taalwinsk fan de boarger. De boarger kin yn sawol it Frysk as it Nederlânsk brûke. Meiwurkers prate foar safier mooglik werom yn de taal dy't de boarger brûkt. Wy wolle de boargers ek útnûgje om it Frysk te brûken.

By de baly is materiaal fan *PraatmarFrysk* goed sichtber. In klacht kin sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk behannele wurde. De telefoan wurdt yn earsten yn it Frysk opnommen.

As dejinge dy't skillet Nederlânsktalich is, kin oerskakele wurde op it Nederlânsk.

#### **5.4 Boargerlike stân**

Yndividuele boargers komme mei de gemeente yn kontakt foar it oanjaan fan berte en ferstjerren fan har neisten en wannear 't hja ûnder de geboadens binne om te trouwen. Mei yngong fan 1 jannewaris 1997 jildt dat akten fan de Boargerlike Stân yn Fryslân likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk opmakke wurde moatte.

De gemeenten beskikke oer in software-pakket mei twatalige akten om sa útfiering jaan te kinnen oan 'e wet. Dêrtroch wurdt it Frysk as taak ek sichtber yn it trouboekje en by berteakten.

Yn ús gemeente binne der BABSEN (Buitengewoon Ambtenaar van de Burgerlijke Stand), dy 't de houlikstaspraak yn it Frysk dwaan kinne. It breidspear mei kieze. De houlikstaspraken kinne ek dûbeltalich dien wurde troch de BABS. Net alle BABSEN kinne de taspraak yn it Frysk hâlde. Dêrom is der omtinken foar taal by de yntroduksje fan BABSEN. Sa kinne breidspearen sels in passende kar meitsje.

Wy fine it wichtich dat ús BABSEN goed beslein op it iis komme by it hâlden fan Frysktalige houlikstaspraken. Tagelyk wolle wy ús BABSEN stimulearje om it Frysk te brûken en harren stypje by it skriuwen fan in Fryske houlikstaspraak. Fia [www.gemeentenenfrysk.nl](http://www.gemeentenenfrysk.nl) binne helpmiddels beskikber foar de BABSEN.

Wy meitsje op grûn fan de Wet gebrûk Fryske taal al ús akten dûbeltalich op: yn it Frysk en yn it Nederlânsk. It trouboekje fan ús gemeente is ek dûbeltalich.

#### **5.5 Riedsgearkomsten**

Us riedsgearkomsten binne meartalich. De beslutelisten binne meastentiids yn it Nederlânsk, sitaten wurde wannear't se yn it Frysk sein binne ek yn it Frysk opnaam yn de beslútelist. Wy wolle yn ús belied opnimme dat de beslutelisten meastentiids meartalich wurde. Ek kin de eed by de ynstallaasje fan in nije gemeenterie yn it Frysk of it Nederlânsk ôflein wurde.

De agenda's wurde meartalich opsteld. Dat jildt ek foar de riedsstikken. Dy binne oant no ta meastentiids yn it Nederlânsk. Ofhinklik fan it ûnderwerp, yn alle gefallen Frysk of kultuer, wurde (mear) riedsstikken yn it Frysk opsteld.

#### **5.6 Kommunikaasje**

Parseberjochten geane sa faak as mooglik yn it Frysk de doar út. Wy brûke it Frysk yn elts gefal by de ûnderwerpen kultuer en Frysk.

Wurdfierders fan de gemeente steane sjoernalisten safolle mooglik yn it Frysk te wurd en wy sette ús berjochten safolle mooglik yn it Frysk op sosjale media. Alle jierren dogge wy mei oan 'e Fryske Twitterdei. Us website is yn it Nederlânsk mei in aparte side yn it Frysk. Op dy webside fan de gemeente wurdt omtinken jûn oan 'e skiednis fan ús gemeente.

Dat is foar boargers en takomstige ynwenners nijsgjirrige ynformaasje.

Taspraken en foarwurden wurde safolle mooglik yn it Frysk opsteld. Ek ha wy in folgjend taalbeleid. Yn it ramt fan de yntinsjeferklearring mei de provinsje Fryslân en in tal oare gemeenten wurdt der yn it bestjoerlik ferkear safolle mooglik yn it Frysk skriftlik korrisondearre.

### **5.7 Iepenbiere romte**

Op 23 oktober 1986 is de Fryske plaknamme Tytsjerksteradiel en binne de Fryske plaknammen ynfierd. Nije strjitnammen wurde yn 'e regel yn it Frysk fêststeld. Sawol de gemeentenamme as de plaknammen binne yn it Frysk fêstlein yn de BAG (Basisregistraties Adressen en Gebouwen).

#### *Beliedsfoarnimmen*

Yn 'e iepenbiere romte binne ferskate paadwizers yn it Frysk. De gemeente stimulearret mear Frysktalige paadwizers.

### **5.8 Foarljochting**

Jonge âlden krije oan 'e baly by de oanjefte fan in berte it Taalkado fan de provinsje oanbean. Dat kado wol jonge âlden ynformearje oer de foardielen fan it opgroeien yn in meartalige situaasje en it brûken fan de Fryske taal yn it bysûnder stimulearje. Ek leit der ynformaasje oer kursussen fan Afûk en de Stichting Frysktalige Berneopfang (SFBO) yn 'e publyksromte fan it gemeentehûs.



## **HAADSTIK 6. UNDERWIIS**

### **6.1 Algemien**

Meartalich opgroeien is in wichtich elemint yn de berne(taal)ûntwikkeling en de gemeente wol dat graach stimulearje en fasilitearje. Yn ús meartalige gemeente binne der ek alle mooglikheden foar. De talen lizze by wize fan sprekken op strjitte. No is it saak om de mooglikheden dy't dat jout goed op te pakken yn 'e mande mei ús ûnderwiispartners. Om in goed en struktureel plak te jaan oan meartaligens yn it ûnderwiis wurdt der yn it gemeentlik ûnderwiisbelied spesjaal omtinken jûn oan dit ûnderwerp. De wize fan stimulearjen en it doel fan it stimulearjen fan meartaligens binne hjirûnder goed werom te finen.

De gemeente soarget derfoar dat bern meartalich opgroeie kinne. Dêr't ynfloed útoefene wurde kin op de trochgeande learline, sil de gemeente dat dwaan. Der is omtinken foar meartaligens by de fertikale oerdracht, dus tusken foarskoalsk, primêr en fuortset ûnderwiis. De gemeente leit de klam op it belang dêrfan. Der kin ek omtinken jûn wurde oan meartaligens yn de horizontale oerdracht, d.w.s. tusken soarch en ûnderwiis. Benammen troch it ynfieren fan 'passend onderwijs' kin de ferbining tusken soarch en ûnderwiis ienfâldiger makke wurde en kin en wol de gemeente dêrop stjoere. By de trochgeande line is der net allinnich omtinken foar de yndividuele bern, mar ek (benammen) foar de wize fan oanbieden fan taal en de oergong tusken de skoallen.

### **6.2 Foarljochting**

Jonge âlden krije by de oanjefte fan harren poppe it 'taalkado' fan de provinsje oanbean. Dat kado wol jonge âlden ynformearje oer de foardielen fan it opgroeien yn in meartalige situaasje en it brûken fan de Fryske taal yn it bysûnder stimulearje. De ynhâld fan it kado is wikseljend en wurdt fersoarge troch in eksterne partij dy 't yn opdracht fan de provinsje de 'taalkado's' fersoarget.

Op alle konsultaasjeburo's yn Nederlân wurdt omtinken jûn oan de taalûntwikkeling fan (jonge) bern. Dat heart yn it 'basispakket' fan de GGD. Yn ús twatalige gemeente wurde bern meartalich grut. It is dêrom goed dat de ferpleechkundigen ek noch in yngeand petear hawwe mei âlden dy't soargen hawwe oer de meartalige ûntwikkeling fan harren bern. De tiid dy't dêrfoar frijmakke wurde moat, wurdt ynkocht by de GGD. De ferpleechkundigen hawwe yn 't foar in spesjale trening hân oer dit spesifike ûnderwerp.

#### *Beliedsfoarnimmen*

Wy wolle ekstra finansjele stipe jaan oan 'e konsultaasjeburo's yn ús gemeente foar stipe oan (jonge) âlden dy 't soargen hawwe oer de meartalige ûntwikkeling fan harren bern.

### **6.3 Foarskoalsk ûnderwiis en Tomke**

It Frysk/meartaligens yn de foarskoalske perioade stiet by ús heech op de aginda. Mei de bernsintra en de pjutteboartersplakken is dan ek streekrjocht kontakt oer it plak fan it Frysk/meartaligens.

It SFBO (Stichting Frysktalige Berne Opfang) sil frege wurde om bernesintra, dy 't noch net sertifisearre binne te helpen by it kreëarjen fan in taalrike omjouwing foar de bern.

Sa wurdt der wurke oan it konsekwint omgean mei de talen: ien-persoan-ien-taal. Alden wurde dêr fansels yn behelle. It SFBO sil ynformaasje jaan en âlderjûnen hâlde oer meartaligens en it belang fan taalbelied en taaloanbod. Dêrnjonken sil in ûnôfhinklike fisitaasjekommisje in besite bringe oan de bernesintra, dy't de plakken beoardielet op it útfieren fan it taalbelied. As dat ynoarder is, komme de organisaasjes yn 'e beneaming foar in sertifikaat fan it SFBO en in subsidy fan € 2.250,- fan de provinsje Fryslân. Wy stribje dernei dat op syn minst 80% fan de bernesintra sertifisearre binne. Op dit stuit binne 11 fan de 19 bernesintra yn 'e gemeente sertifisearre, dus sa'n 58%. Fierders stypje wy jierliks al de oanskaf fan Fryske boeken by de berneopfang en de pjutteboarterspalkken

### *Beliedsfoarnimmen*

Fia it SFBO wolle wy stimulearje dat mear bernesintra yn 'e gemeente sertifisearre wurde.

Us gemeente is ien fan de dielnimmers oan it Tomke-projekt. Dat projekt wol âlden en liedsters fan pjutten ynformearje oer it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. In wichtige opdracht foar it Tomke-projekt is it ûntwikkeljen en oanbieden fan Frysktalich materiaal dat yn in meartalige foarskoalske omjouwing brûkt wurde kin. It Tomke-projekt kin realisearre wurde troch subsidy fan de provinsje Fryslân, de dielnimmende gemeenten (hast alle Fryske gemeenten) en in eigen bydrage fan de Afûk, BSF, Omrop Fryslân en Partoer. De bydragen fan de gemeenten binne basearre op it tal ynwenners fan de oanbelangjende gemeenten.

Troch de kontinuïteit yn de útfiering wurdt it Tomke-projekt op hannen droegen – troch pjutten, âlden, pakes en beppes en de liedsters fan de pjutteboarterspalkken en bernedeiferbliuwen. Dêrom is it fansels ek wichtich dat ús gemeente (finansjeel) meidocht oan dit projekt.



#### **6.4 Primêr ûnderwiis**

Binnen it basis- en fuortset ûnderwiis is it Frysk wetlik ferplichte. De ynfolling fan it fak Frysk makket diel út fan it struktureel oerlis mei oanbelangjende skoallen.

Op 31 maart 1998 is de 'Wet op Primair Onderwijs' fan krêft wurden, wêryn't ek de bepaling oangeande it fak Frysk en it brûken fan it Frysk as fiertaal opnommen binne.

Bepalend foar de ynhâld fan it ûnderwiisoanbod binne de kerndoelen dy't yn 1993 fêststeld binne. De ûnderwiisynspeksje is neffens it provinsjale 'Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis' ta de konklúzje kommen dat de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk oer it algemien net sa bêst is.

Op de basisskoallen yn ús gemeente wurdt it Frysk yn mear as mindere mate brûkt.

Soks falt en stiet faaks mei de learkrêft dy't foar de klasse stiet. Foar learkrêften binne der faaks gjin funksje-easken oangeande it Frysk, wol hawwe alle learkrêften it foech om Frysk te jaan.

De ûnderwiisbegeliedingstsjinst CEDIN stipet skoallen op it mêd fan it Frysk, troch it útjaan fan materialen, tydskriften en ferskate metoaden.

De gemeente wol (guon) basisskoallen stimulearje om in trajekt op te starten om harren te sertifisearjen as trijetalige skoalle. Skoallen slute sa oan by de doelstellings fan gemeente en provinsje om de meartalige situaasje bewust yn te setten foar it fersterkjen fan it ûnderwiis. Ek fine wy dat de skoallen mear omtinken jaan moatte oan ús eigen skiednis en kultuer en wolle wy stimulearje dat der gebrûk makke wurde fan 'Spoar 8' de nije digitale metoade Frysk, dy't te krijen is fia CEDIN.

Lykas de gemeente Ferwerderadiel dien hat wolle wy ek it lêzen befoarderje. Wy wolle hjirfoar jierliks per skoalle in bydrage fan sa'n € 200,- beskikber stelle foar de oanskaf fan Fryske boeken.

##### *Beliedsfoarnimmens:*

1. De gemeente trunet de basisskoallen oan, dêr 't dat nedich oan, om it Frysk heger op de agenda te setten.
2. De basisskoallen oantrune omtinken te jaan oan de eigen skiednis en kultuer.
3. Stimulearjen fan it gebrûk fan digitale lesmetoaden lykas 'Spoar 8' om Frysk te learen.
4. Foar it primêr ûnderwiis wolle wy jierliks in bydrage beskikber stelle foar de oanskaf fan Fryske boeken.

#### **6.5 Fuortset ûnderwiis**

Frysk is ferplichte yn de ûnderbou/earste klasse fan it fuortset ûnderwiis, mar der is gjin minimum tal lessoeren foarskreaun. Boppedat kinne learlingen Frysk kieze as eksamenfak. Hoewol't de provinsje in subsydzjeregeling hat foar de lessen Frysk fan de twadde klasse ôf, is it tal skoallen dat Frysk as fak jout yn de foareksamenklassen en Frysk as eksamenfak oanbiedt, beheind, blikens in resint ûndersyk fan 'Dingtijd' (nij orgaan foar it Frysk).



De provinsje Fryslân hat de lêste tiid ek in ûntwikkeling yn gong set fan meartalich fuortset ûnderwiis (MFU). It stribjen is dat yn de earste trije learjierren 20% fan de ûnderwiistiid Frysktalich is, 20% Ingelsktalich en 60% Nederlânsktalich. Letter moat dat ferskove nei 30/30/40%.

Op CSG Liudger yn Burgum wurdt it Frysk yn it ramt fan it meartalich ûnderwiis oanbean. Op Liudger ha se ek in metoade skiednis yn it Frysk ûntwikkele. Op OSG Singelland yn Burgum wurdt it Frysk as apart fak oanbean. Op it Tjalling Koopmanskollege yn Hurdegaryp wurdt it fak Frysk (noch) net oanbean.

De fiertaal op dy skoallen is Nederlânsk, mar it Frysk wurdt ek in soad brûkt. Wy wolle dat de skoallen it Frysk (noch) mear stimulearje.

*Beliedsfoarnimmen:*

De gemeente trunet de skoallen, dy't fuortset ûnderwiis jouwe oan om it Frysk as eksamenfak te stimulearjen.

### **6.6 Underwiis foar folwoeksenen**

De Afûk organisearret alle jierren kursussen Frysk foar boargers.

Dat binne bygelyks de kursussen 'Lear mar Frysk', 'Praat mar Frysk' en 'Skriuw mar Frysk'.

De gemeente subsidiearret in beheind tal fan dy kursussen. De dielname is wikseljend, fan sa'n 25 oant sa'n 30 kursisten yn 't jier. It stribjen is om per jier 25 kursisten út ús gemeente te hawwen. As gemeente fine wy it wichtich om dizze kursussen oan te bieden om it Frysk sa tagonklik mooglik te meitsjen foar ús boargers.



## **HAADSTIK 7. SÛNENSSOARCH & WOLWÊZEN**

### **7.1 Algemien**

De soarch is yn beweging. Minsken koene altyd rekkenje op it rjocht op soarch. Dat is no oars: der wurdt mear sjoen nei wat minsken en harren omjouwing sels kinne en wat der út frijwilligerswurk en basisfoarsjennings wei dien wurde kin, foardat der sprake is fan soarch fan de oerheid. Dy feroaring yn belied betsjut dat kommunikaasje oer en yn de soarch hieltyd wichtiger wurdt. Ek yn it wolwêzenswurk is it belangryk dat meiwurkers de taal sprekke fan de groepen dêr't men kontakt mei hat: it giet dan om de jongerein- en maatskiplik wurkers en de âldereinadviseurs. It jildt ek foar de frijwilligers dy't op dat stik fan saken wurksum binne.

#### *Beliedsfoarnimmen*

De gemeente stimulearret en fasilitearret dielnimmers yn it gemeentlik netwurk om pasjinten/kliïnten safolle mooglik yn de eigen taal yn 'e mjitte te kommen.

### **7.2 Yntake en begelieding**

By it jaan fan yndividuele begelieding en help by it húshâlden wurdt rekken hâlden mei de thústaal fan de kliïnt.

De kearn fan de Wmo is it petear tusken in boarger mei in helpfraach en de gemeente. By dat petear sykje beide partijen tegearre nei oplossingen fan de problemen. Foar in goed petear is it praten fan deselde taal wichtich. Yn it begjin fan it petear wurdt dêrom altiten hifke hokker taal oft de boarger prate wol en foarsafier mooglik slút de fertsjintwurdiger fan de gemeente dêrby oan. Fansels jildt dat ek foar de meiwurkers fan de doarpen- en jongereinteams. Harren opjefte liket nammentlik ienfâldich: it fersterkjen fan de eigen rezjy fan de soarchfreger, bydrage oan in preventyf systeem, sichtber, werkenber en leechdrompelig wêze. Yn 'e praktyk is dat dreech. It wichtigste is om de kliïnt sintraal te stellen en maatwurk te leverjen. Dat slagget it maklikst as deselde taal as de soarchfreger brûkt wurdt.

Sjoen de gearstalling fan ús ynweners is passive behearsking fan it Frysk needsaaklik en aktive behearsking fan it Frysk in pree.

#### *Beliedsfoarnimmen*

Us gemeente hat in soad Frysktalige kliïnten. De Fryske taal is dêrom ien fan de oandachtspunten by nij belied en oanbestegings by de WMO.

### **7.3 Wolwêzen**

Binnen it âldereinbelied is spesjaal omtinken foar it Frysk. It brûken fan 'e memmetaal is nammentlik wichtich foar de âlderein.

De webside 'Dat wie doe sa' biedt in soad materiaal út it ferline dat geskikt is foar reminisinsje, bygelyks ferhalen, muzyk en fideo's. It oanbod is werkenber en komt út de regio, wêrby't meastentiids ek de taal fan de regio brûkt wurdt.

It materiaal is geskikt foar yndividueel gebrûk en foar groepsaktiviteiten en geskikt foar professionals en mantelsoargers yn de âldereinsoarch.

It 'Dat wie doe sa' materiaal wurdt al brûkt yn in soad ferpleech- en fersoargingshûzen yn ús gemeente. De gemeente stimulearret it brûken fan 'Dat wie doe sa' en ynformaasje oer it brûken fan de memmetaal yn soarchsituasjes û.o. troch it fersprieden fan it ynformaasjemateriaal oan nije oanbieders en it fersprieden fan nijsbrieven 'Dat wie doe sa/ Taal voor de zorg' ûnder de eigen meiwurkers fan Tichtby elkoar.



## **HAADSTIK 8. MEDIA & KULTUER**

### **8.1 Media**

Yn ús gemeente ferspried RTV kanaal 30 syn oanbod fia radio, telefyzje en sosjale media. Gemeenten hawwe de taak om it Kommissariaat foar de Media te advisearjen by it ferlienen fan de útstjoerfergunning. By it ferlienen fan subsydzje oan de omrop wurdt stimulearre om it Frysk te brûken.

De wet skriuwt foar dat gemeenten by it gearstallen fan de programmeried rekken hâlde mei de maatskiplike, kulturele, godstsjinstige en geastlike streamingen. Om in goede ôfspegeling fan ús mienskip te hawwen is it wichtich om ek te sjen nei de taaleftergrûn fan (potinsjele) dielnimmers.

Hoewol 't hast alle ynwenners fan de gemeente Frysk prate, wurdt yn doarpskranten of op doarpswebsites noch faak yn it Nederlânsk skreaun. De gemeente fynt it tige wichtich dat der yn de memmetaal skreaun wurde kin yn doarpskranten, streekblêden en media fan sportklups. Dêrom biede wy de lêste jierren ek kursussen 'Skriuw mar Frysk' fan de Afûk oan redaksjes fan doarpskranten/streekblêden oan. Ferieningen fan Doarpsbelangen en redaksjeleden fan sportklups kinne dêr ek oan meidwaan. Yn it ferline hat de gemeente Littenseradiel in priis ynsteld foar it bêste Frysktalige redaksjonele stik. Sa'n priis wolle wy no yn ús gemeente ek ynstelle. It giet dan om in bedrach fan € 500,-- dat wy hjirfoar ien kear yn 'e twa jier beskikber stelle wolle.

#### *Beliedsfoarnimmen*

In twajierlikse priis fan € 500,-- ynstelle (yn even jierren) foar Frysktalige doarpsjoernalistyk, njonken de 'Kultuerpriis Tytsjerksteradiel' (yn ûneven jierren).

### **8.2 Kultuer**

Taal en kultuer bynt minsken. Se binne dan ek net los faninoar te sjen. Beide binne it wichtige pylders fan wat as it 'Fryskeigene' oantsjut wurdt. Yn ferskate (kulturele) uteringen komt de taal folslein ta syn rjocht. (kulturele) uteringen binne wichtich foar de fierdere groei en ûntwikkeling fan de taal. De rykdom fan de Fryske taal komt bygelyks dúdlik ta utering by doarpsfeesten, musea, bibleteken en it (doarps)toaniel. Om in goed en struktureel plak te jaan oan it Frysk yn it (kulturele) fjild wurdt der yn it gemeentlik kultuerbelied spesjaal omtinken jûn oan dit ûnderwerp. Yn it ferline ha wy sa no en dan Frysktalige kulturele aktiviteiten stipe lykas it 'Hebecaprojekt' yn Jistrum en de komyske opera 'Keapmanskeunsten' yn Burgum. Njonken it stypjen fan de strukturele aktiviteiten op dit mêd lykas it Iepenloftspul Burgum en aktiviteiten yn 'e doarpshûzen wolle wy dit belied ek yn de takomst fanút de beskikbere (ynsidintele) budzjetten stypjen bliuwe.

#### *Beliedsfoarnimmen*

Njonken de strukturele stipe foar kulturele úteringen wolle wy sa no en dan ekstra finansjele stipe jaan oan Frysktalige kulturele úteringen. Finansjele stipe fynt eventueel plak fanút beskikbere budzjetten.

## **HAADSTIK 9. GEARFETTING BELIEDSFOARNIMMENS**

### **Iepenbiere romte**

Yn 'e iepenbiere romte binne ferskate paadwizers yn it Frysk. De gemeente stimulearret mear Frysktalige paadwizers.

### **Underwiis**

Wy wolle ekstra finansjele stipe jaan oan 'e konsultaasjeburo's yn ús gemeente foar stipe oan (jonge) âlden dy 't soargen hawwe oer de meartalige ûntwikkeling fan harren bern.

Fia it SFBO wolle wy stimulearje dat mear bernsintra yn 'e gemeente sertifisearre wurde.

De gemeente trunet de basisskoallen oan, dêr 't dat nedich oan, om it Frysk heger op de agenda te setten.

De basisskoallen oantrune omtinken te jaan oan de eigen skiednis en kultuer. Stimulearjen fan it gebruk fan digitale metoaden om Frysk te learen.

Foar it primêr ûnderwiis wolle wy jierliks subsydzje beskikber stelle foar de oanskaf fan Fryske boeken.

De gemeente trúnt de skoallen, dy't fuortset ûnderwiis jouwe oan om it Frysk as Eksamenfak te stimulearjen.

### **Sûnensoarch en wolwêzen**

Us gemeente hat in soad Frysktalige kliïnten. De Fryske taal is dêrom ien fan de oandachtspunten by nij belied en by útfieringstaken op it mêd fan wolwêzen en soarch.

### **Media**

In twajierlikse priis ynstelle (yn even jierren) foar Frysktalige doarpsjoernalistyk, njonken de 'Kultuerpriis Tytsjerksteradiel' (yn ûneven jierren).

### **Kultuer**

Njonken de strukturele stipe foar kulturele úteringen wolle wy sa no en dan ekstra finansjele stipe jaan oan Frysktalige kulturele úteringen, lykas wy dat ynsidinteele yn it ferline dien hawwe. Finansjele stipe fynt eventueel plak fanút beskikbere budzjetten.

## HAADSTIK 10. FINÂNSJES

### Besteand belied

Kursussen yntern/ doarpskranten e.o.	4.610,--
Tomke, boeken pjutten/berneopfang	6.142,--
Kursussen Afûk	2.998,--
Totaal	<b>13.750,--</b>

### Nij beleid

#### **Underwiis:**

Ekstra stipe projekt meartalichheid SFBO/GGD	1.000,--
Stipe SFBO sertifisearring berneopfang	1.000,--
Fryske boeken primêr ûnderwiis	5.000,--

#### **Media:**

In twajierlikse priis fan ynstelle foar Frysktalige doarpsjoernalistyk	500,--
--	--------

Totaal	<b>7.500,--</b>
--------	-----------------